

PROLOOCH

Ik bin de Skym.

Troch de bange stêd draaf ik.

Troch it ivich lijen flechtsje ik fuort.

Achter de pûst strampelje ik lâns de igge fan 'e Arno, slaan linksôf de Via dei Castellani yn en skrep my nei it noarden, wylst ik weidûk yn 'e skaden fan 'e Uffizi.

Se sitte noch altyd achter my oan.

De fuotstappen klinke heelyd lûder no't se my ûnmeilydsum en beret opjeie.

Dat dogge se al jierren. Har fêsthâldendheid hâldt my ûnder de grûn... twingt my yn it fagefjoer te libjen... te arbeidzjen ûnder de ierde as in gtoanytsk meunster.

Ik bin de Skym.

Hjir boppe de grûn rjochtsje ik myn blik op it noarden, mar ik kin de rjochte wei nei de ferlossing net fine, want de Apeninen ûnderskeppe it earste ljocht fan 'e dei.

Ik rin achter it palazzo del, mei syn tuorren mei kantielen en de klok mei ien wizer. Op 'e Piazza di San Firenze sigeseagje ik tusken de betide lapkepoepen troch, mei har heaze stimmen en rook fan *lampredotto* en roastere oliven. Nei't ik foar it Bargello del rûn bin, gean ik yn westlike rjochting nei de spitse toer fan 'e Badia en stean ik op slach stil by it izeren stek ûnderoan de trep.

Hjir moat elk syn eangst oan kant sette.

Ik triuw de greep nei ûnderen en stap it gonkje yn, en ik wit dat der gjin werom is. Ik stjoer myn leaden skonken de smelle trep op, dy't nei de himel draait oer moarmeren treptreden, sacht fan âlderdom, fersliten en fol putsjes.

Wjerlûden fan stimmen fan ûnderen. Smeekjen.

Se komme achter my oan, ûnfersetlik, algeduerich tichterby.

Se witte net wat komme sil... of wat ik foar har dien ha? Untankber lân!

Under it klimmen wurde de fisioenen aloan libbener: de wulpse liven, dy't kinkelje yn 'e fjurrige rein, de roppige sielen, dy't baaie yn stront,

de ferriederlike skurken, beferzen yn Satans ivige greep.

Ik beklim de lêste trep en as ik boppe bin stroffelje ik, de dea tichtby, de dampige moarnsloft yn. Ik draaf nei de manshege muorre en sjoch troch in iepening. Djip ûnder my leit de seinge stêd, it taflechtsoard dêr't ik ûnstnappe koe oan 'e minsken dy't my ferballe hawwe.

Stimmen dy't roppe, flak achter my. 'Watsto dien hast, is waansin-nich!'

Ut waansin komt waansin fuort.

'Yn godsnamme,' roppe se, 'sis ús wêr'tst it ferburgen hast!'

Krekt yn Gods namme doch ik dat net.

Ik stean yn 'e hoeke, mei myn rêch tsjin de kâlde stien. Se stoarje djip yn myn heldergriene eagen en harren blik wurdt tsjusterder, smeket net mear, mar driget. 'Do witst dat wy ús metoaden hawwe. Wy kinne dy twinge om te sizzen wêr't it is.'

Krekt dêrom bin ik oant healwei de himel klommen.

Ynienen draai ik my om, ik stek myn earmen de hichte yn en kromje myn fingers oer de râne fan 'e hege muorre. Ik lûk my omheech, set myn knibbels op 'e smelle râne, en dan rjochtsje ik my wankeljend op.

Lied my troch de leechte, goede Vergilius.

Se leauwe net wat se sjogge, stoarmje nei foarren om my by myn fuotten te krijen, mar se binne ek bang dat se my út it lykwicht bringe sille, sadat ik kom te fallen. No smeeke se my mei stille wanhoop, mar ik ha harren de rêch takeard. *Ik wit wat ik dwaan moat.*

Dêrûnder, safier dat it my dûzelet, de reade pandakken as in see fan fjoer, dy't it prachtige lân ferljochtsje dêr't oait de grutten doarmen: Giotto, Donatello, Brunelleschi, Michelangelo, Botticelli.

Ik sko tichter nei de râne ta.

'Kom nei ûnderen!' roppe se. 'It is noch net te let!'

O, moedwillige ûnwittendheid! Begripe jim de takomst dan net? Sjogge jim net de pracht fan myn skepping? De needsaak?

Dit ultieme offer bring ik graach, en dêrmei sil ik de lêste hoop weinimme dat jim fine wat jim sykje.

Jim fine it noait op 'e tiid.

Tsientallen meters ûnder my wanke de keien fan 'e piazza, as in stille oaze. Wat hie ik graach mear tiid hân... mar tiid is in rykdom dy't sels my mei myn grutte fortún net barre mei.

Yn dy lêste tellen sjoch ik del op 'e piazza en dêr sjoch ik wat dat my ferrast.

Ik sjoch dyn gesicht.

Do sjochst út it skaad wei nei my op. Dyn eagen stean fertrietlik, mar ik bespeur ek ûntsach foar wat ik berikt ha. Do begrypst dat ik gjin oare kar ha. Ik moat myn masterwurk beskermje omwille fan it minskdom.

It groeit noch altyd, sels no noch... wylst it wachtet... ferskûle yn it bloedreade wetter fan 'e lagune sûnder wjerskyn fan stjerren.

En dêrom meitsje ik myn eagen los fan dines en oanskôgje de kym. Heech boppe dizze teheistere wrâld sis ik myn lêste smeekbea.

Leave God, ik bid dat de wrâld oan my tinke sil, net as in meunsterlike sûnder, mar as de glorieuze ferlosser dy't ik, sa't Jo witte, yn werklikheid bin. Ik bid dat it minskdom begripe sil watfoar jefte ik neilit.

Myn jefte is de takomst.

Myn jefte is de ferlossing.

Myn jefte is it Ynferno.

Dêrmei flústerje ik myn amen... en set myn lêste stap, de ôfgrûn yn.

I

De oantinkens kamen stadich nei boppen, as luchtbellens út 'e tsjusternis fan in boaiemleaze put.

In frou mei in wale foar...

Robert Langdon seach har stean oan 'e oare kant fan 'e rivier, dêr't it kolkjende wetter read fan it bloed wie. De frou stie nei him te sjen, sûnder te bewegen, plechtich, it gesicht weiholden achter in wale. Yn 'e hân hie se in blauwe tainia-doeck, dy't se omheechstuts as earbewiis oan 'e see fan liken oan har fuotten. De rook fan 'e dea wie oeral.

Sykje, flústere de frou. En jo sille fine.

Langdon hearde de wurden as wiene se him yn 'e holle útsprutsen. 'Wa binne jo?' soe er roppe, mar gjin lûd kaam him út 'e kiel.

It is heech tiid, sei se sachtjes. Sykje en fyn.

Langdon sette in stap nei de rivier, mar hy seach dat it wetter bloedread wie en te djip om trochhinne. Doe't er wer opseach nei de frou mei de wale hiene de liven by har fuotten har fermannichfâldige. Der wiene no hûnderten, miskien wol tûzenen. Guon libben noch, wylst se krinkelen fan pine, en stoaren in ferskriklike dea – fertarre troch fjoer, bedobbe yn 'e stront, de ien ferslynde de oar. Hy hearde it wjerlûd oer it wetter fan it klagende kriteren fan minsklik lijen.

De frou kaam op him ta en stuts de smelle hannen nei him út, as yn in smekbea om har te helpen.

'Wa binne jo?' rôp Langdon noch in kear.

As antwurd die de frou stadich de wale omheech. Se wie bûtengewoan moai, mar âlder as Langdon miende: yn 'e sechstich miskien, steatlik en sterk, as in tiidleas byldhouwurk. Se hie in strange kaakline, gefoelfolle eagen en lang, sulvergriis hier dat har yn lytse krollen oer de skouders weage. Om har hals hong in amulet fan lapis lazuli, ien inkelde slang dy't krinkele om in stêf hinne.

Langdon hie it gefoel dat er har koe... en fertroude. *Mar hoe? Wêrom?*

Se wiisde nei in pear skoppende skonken dy't út 'e ierde stutsen, blykber de skonken fan in earne siel dy't op 'e kop en oan 'e mul ta begroeven

wie. Op 'e bleke boppeskonk fan 'e man stie ien inkelde letter, skreaun yn modder. *R.*

R? tocht Langdon ûnwis. *As yn... Robert?* 'Bin... ik dat?'

It gesicht fan 'e frou ferrette neat. *Sykje en fyn*, werhelle se.

Ynienen striele se in wyt ljocht út, dat algeduerich fûler waard. Har hele liif trille deroer en mei in tongerslach berste se útinoar yn in rein fan ljochtsplinters.

Mei in skreau waard Langdon wekker.

De keamer wie helperljochte. Hy wie allinnich. De skerpe rook fan ûntsmettingsmiddel hong yn 'e loft en ergens pipe in apparaat yn it kalme ritme fan syn hertslach. Langdon besocht syn rjochterarm te bewegen, mar fiede dalik in skerpe pine. Hy seach omdel; in ynfús luts oan 'e hûd fan syn ûnderarm.

It hert bûnze him hurder; de apparaten diene mei en pipen ek hurder.

Wêr bin ik? Wat is my oerkaam?

Langdons achterholle kloppe; hy fiede in gnjirdzjende pine. Foarsichtich brocht er syn frije earm omheech en rekke syn holle oan om de boarne fan 'e pine te finen. Under syn plakkerige hier fiede er de knobfels fan in stik as tsien hechtingen fol mei bestjurre bloed.

Hy die de eagen ticht en besocht him tebinnen te bringen oft er in ûngemak hân hie.

Neat. Helendal neat.

Tink nei.

Neat oars as tsjusternis.

In man yn operaasjeklean kaam der hastich yn, wierskynlik warskôge troch Langdons hertmonitor dy't op 'e rin slein wie. Hy hie in rûch burd, in boarstelige snor en sachtmoedige eagen, dy't in betochtsume rêst ústrielen ûnder de swarte wynbrauwen.

'Wat... is der mei my?' koe Langdon útbringe. 'Ha ik in ûngemak hân?'

De man lei in finger tsjin de lippen en skeat de gong wer op, dêr't er ien rôp.

Langdon beweegde de holle, mar it wie krekt as waard him in spiker de holle yn huft. Hy sykhelle djip en liet de pine fuortsakje. Doe beseach er heel hoeden en metoadysk de sterile omjouwing.

Der stie mar ien bêd yn 'e keamer. Gjini blommen, gjin kaarten. Langdon seach syn klean op in oanrjocht lizzen, yn in trochsichtige plestik pûde. Se sieten ûnder it bloed.

Heare god. Dat wie flink raak, sa te sjen.

No gie er heel stadich mei de holle de kant út fan it rût neist it bêd. Bûten wie it tsjuster. Nacht. Hy seach allinnich syn eigen spegelbyld yn it glês – in lykbleke frjemde man, skier en wurch, mei slankjeboel en snoeren oansletten oan in stikmannich medyske apparaten.

Stimmen yn 'e gong kamen tichterby en Langdon seach wer de keamer yn. De dokter kaam werom, no beselskippe fan in frou.

Langdon rûze dat se begjin tritich wie. Se hie blauwe operaasjeklean oan en har blonde hier siet yn in dikke sturt, dy't achter har oan wipte ûnder it rinnen.

'Ik bin dokter Sienna Brooks,' sei se mei in glimk. 'Ik ha hjoed tsjinst tegearre mei dokter Marconi.'

Langdon knikte lichtjes.

De lange, elegante dokter Brooks beweege mei de assertive soepelheid fan in sportfrou. Sels yn 'e foarmeleaze operaasjeklean hie se noch in pezige graasje. Hoewol't se foarsafier't Langdon sjen koe helendal gjin make-up op hie, liek har hûd ûngewoan glêd; de iennichste smet wie in lyts skientmeplakje krekt boppe de mûle. Har eagen wiene sachtbrún, mar ek nuvere trochkringend, as hiene se tsjûge west fan folle mear net te bedjipjen ûnderfiningen as goed wie foar ien fan har leeftyd.

Se naam in sit neist him. 'Dokter Marconi praat net mear as in mûlfol Ingelsk,' sei se. 'Hy hat my frege om jo opnameformulier yn te foljen.' Se glimke noch in kear.

'Tankewol,' sei Langdon mei heaze stim.

'Goed,' sette se saaklik út ein. 'Wat is jo namme?'

Dêr moast er even oer neitinke. 'Robert... Langdon.'

Se skynde mei in lampke yn Langdons eagen. 'Berop?'

Dat antwurd kaam noch stadiger boppe wetter. 'Heechlearaar. Keunstsiednis... en symboalelear. Harvard University.'

Oerfallen liet dokter Brooks it lampke sakje. De dokter mei de boarstelige wynbrauwen seach allike ferheard.

'Jo binne Amerikaan?'

Langdon seach har betize oan.

'Sjogge jo...' Se wifele. 'Jo hiene gjin identifikaasje by jo doe't jo fannejûn binnenbrocht waarden. Mar jo hiene in Harris Tweed-jaske oan en Britske ynstappers, dat wy mienden dat jo in Brit wiene.'

'Ik bin Amerikaan,' fersekere Langdon har, te wurch om út te lizzen dat er in foarleafde hie foar klean dy't goed makke wiene.

'Ha jo ergens pine?'

‘Yn myn holle,’ antwurde Langdon. It klopjen yn syn holle waard allinnich mar minder fan dat fûle lampke. Moai dat se it no yn ’e bûse stuts om syn pols te fielen en syn hertslach op te nimmen.

‘Jo skreauden doe’t jo wekker waarden,’ sei de frou. ‘Witte jo noch wêrom?’

Yn in flits wie Langdon wer yn it frjemde fisioen mei de frou mei de wale foar, en oeral dy krioeljende liven. *Sykje en jo sille fine*. ‘Ik hie in nachtmerje.’

‘Wat dreamden jo dan?’

Hy sei it har.

It gesicht fan dokter Brooks bleau flak wylst se oantekeningen makke op in klamboerd. ‘Ek in idee wêr’t sa’n ysliek fisioen troch feroarsake west hawwe kin?’

Langdon socht yn syn ûnthâld en skodde doe de holle, dat út protest swier bûnze.

‘Goed, menear Langdon,’ sei se, wylst noch heelyd oan ’t skriuwen wie. ‘In pear rûtinefragen. Watfoar dei is it hjoed?’

Hy tocht even nei. ‘It is sneon. Ik wit wer dat ik earder op ’e dei oer de campus rûn, ûnderweis nei it middeiskolleezje, en doe... Dat is sa’n bytsje it lêste wat ik my tebinnenbringe kin. Bin ik fallen?’

‘Dêr ha wy it aansen wol oer. Witte jo wêr’t jo binne?’

Langdon weage it derop. ‘It Massachusetts General Hospital?’

Dokter Brooks makke noch in oantekening. ‘En wa kin ik foar jo belje? Frou? Bern?’

‘Nee, net ien,’ antwurde er automatysk. Hy hie altyd genoaten fan ’e iensumheid en ûnôfhinklikheid dy’t syn selskeazen steat fan frijgesel him joech, hoewol’t er ynskikke moast dat er yn dizze sitewaasje graach in fertroud gesicht oan syn bêd sjoen hie. ‘Ik soe wat kollega’s belje moatte, mar dat komt wol.’

Doe’t dokter Brooks klear wie mei har notysjes, kaam de âldere dokter op him ôf. Hy struts oer syn boarstelige wynbrauwen, helle in lytse memorecorder út ’e bûse en liet dy oan dokter Brooks sjen. Se knikte dat se it begriep en draaide har wer nei har pasjint.

‘Menear Langdon, doe’t jo fannejûn binnenbrocht waarden, mompe-len jo wat. Heelyd itselde.’ Se seach even nei dokter Marconi, dy’t de digitale recorder omheechhold en op in knop drukte.

De opname waard ôfspile en Langdon hearde syn eigen fersufte stim oan ien tried wei deselde wurden mompeljen: *Ve... sorry. Ve... sorry.*

‘It liket my,’ sei de frou, ‘dat jo “very sorry, very sorry” sizze.’

Langdon wie it mei har iens, mar wist der neat mear fan.

Dokter Brooks seach him ûntrêstigiend skerp oan. ‘Ha jo in idee wêrom’t jo dat seine? Ha jo ergens spyt fan?’

Langdon socht yn ’e tsjusterste úthoeken fan syn ûnthâld, en op ’e nij seach er de frou mei de wale foar him. Se stie oan ’e igge fan in bloedreade rivier, omjûn troch liven. Hy rûkte wer de stank fan ’e dea.

Langdon waard oerfallen troch in ûnberiddenearre gefoel fan gefaar... net allinnich foar himsels, nee, foar elkenien. It piipjen fan syn hertmonitor gie hurder en hurder. Syn spieren spanden har en hy woe oerein komme.

Freonlik mar beret lei dokter Brooks in hân op Langdons boarst en drukte him wer yn ’e kessens. Se seach gau nei de dokter mei it burd, dy’t nei in oanrjocht rûn en wat klearmakke.

Dokter Brooks bûge har oer Langdon hinne en sei sachtjes: ‘Panykgefoelens binne heel gewoan by skea oan ’e harsens, menear Langdon, mar jo moatte jo hertslach yn ’e stringen hâlde. Gjinn beweging. Gjinn opwinning. Stil lizzen bliuwe en útrêste. Alles komt goed. Jo ûnthâld komt stadich wer werom.’

De dokter kaam werom mei in spuit, dy’t er oan dokter Brooks joech. Se spuite de ynhâld yn Langdons ynfús.

‘In middel dat kalmer makket,’ lei se út. ‘En it helpt ek tsjin de pine.’ Se kaam oerein. ‘It komt allegear goed, menear Langdon. Sliepe jo no earst mar wat. As jo wat noadich hawwe, drukke jo mar op ’e knop neist it bêd.’

Se die it ljocht út en sette ôf, tegearre mei de dokter mei it burd.

Langdon fielde hast dalik hoe’t de medisinen troch syn liif streamden en him wer de djippe put yn sleepten dêr’t er niiskrekt útklommen wie. Hy fersette him tsjin it gefoel en hold út alle macht syn eagen iepen yn ’e tsjustere keamer. Hy besocht rjochtop sitten te gean, mar syn liif fielde oan as semint.

Hy gie oars lizzen, en seach no wer nei it rût. De lampen wiene út en syn wjerspegeling yn it tsjustere glês wie ferdwûn en ferfongen troch in ferljochte skyline.

Tusken de kontoeren fan spitsen en koepels dominearre ien inkelde, foarstlike gevel: de fasade fan in ymposant, stiennen fort mei in muorre mei kantielen en in hûndert meter hege toer, dy’t him oan ’e boppekant ferbrede ta in machicoulis, ek bekroane mei mânske kantielen.

Langdon skeat oerein en de pine eksplodearre yn syn holle. Hy be-
twong it skerpe klopjen en seach nei de toer.

Hy koe it midsieuske bouwurk heel goed.

It wie unyk.

Spitigernôch stie it seiseninhealtûzen kilometer bûten Massachusetts.

Oan 'e oare kant fan it rût, ferburgen yn 'e skaden fan 'e Via Torregalli,
stapte in krêftich boude frou soepel fan har BMW-moter en rûn mei de
ynholden krêft fan in panter oer strjitte. Har blik wie skerp. Har koart-
knipte hier, dat yn stikels oereinstie, stuts ôf tsjin de opsette kraach fan
har swartlearen moterpak. Se tsjekte har wapen mei lûddemper en seach
omheech nei it rût fan Robert Langdon, dêr't it ljocht saniis útgien wie.

Earder dy jûn wie it mei har oarspronklike opdracht freeslik misbe-
teard.

Ien koerende do hie alles feroare.

No soe se dat rjochtsette.